



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

PEASKEWACH 20 APRIL 2014

Iere'moarns

It is noch tsjuster, boppe de hûzen begjint it ljocht te gloarjen. Minsken skrepe har troch de strjitten nei it sintrum fan Wurdum, nei de Sint Martinjustsjerke rinnend, op 'e fyts, mei de auto. Leden fan it Praethuys



ferwolkomje ús. Bûten by de tsjerke baarnt in fjoer, mei minsken deromhinne – jong en âld. Hja wachtsje yn stilte. Alhoewol....de

fûgels litte har fan alle kanten hearre yn de beammen fan it hôf. Hieltyd mear minsken sammelje har om it peaskefjoer. Dan slacht de klok 6 oere.....

Ds. Wiebrig de Boer stapt yn de kring en seit: "Meitsje in fjoer yn 'e tsjustere nacht en nim alle bangens wei..."

Wylst hja de nije peaskekers omheech hâldt sprekt hja út:

**Kristus,
juster en hjoed
begjin en ein
Alfa en Omega.
yn syn hân lizze
tiid en ivichheid
krêft en hearlikheid
alle ieuwen fan dizze wrâld.**

Gemeente: "Amen".

Diaken Tjitske Visser hâldt de Peaskekers by it fjoer; as hy baarnt seit de foargonger:.



*Mei it Ljocht fan Kristus
dy't yn hearlikheid ferrize is.
it tsjuster út ús libben ferdriuwe.*

Gemeente:

*De nacht is foarby gien,
de dei is oanbrutsen:
de sinne fan gerjochtichheid
giet oer ús op.
Amen*

Dernei geane wy de tsjustere tsjerke yn

Yntocht fan it Ljocht

As elkenien sit, komme foargonger en diaken binnen. De diaken draacht de peaskekers, de foargonger sjongt rinnendewei liet 219:

*Licht om te leven de duisternis voorbij
Wordt ons gegeven en maakt ons blij
It koar herhellet it liet, yn kanon.*





Hjirnei wurdt de peaskekers te plak set.

De lof fan it Ljocht

De diaken
jout it
ljocht troch
oan de
hiele
gemeente.
It wurdt
ljocht...



Foargonger:
*Jezus zegt: Ik ben
het licht van de
wereld. Geloof in het
licht, zolang je het*

*licht hebt, opdat jullie kinderen van het licht
mogen zijn.*

Hjirop wurdt liet 601 songen: *“Licht dat ons
aanstoot in de morgen, voortijdig licht waarin wij
staan.”*



It koar de ferzen 1 en 2, de gemeente fers 3.

Blomskikking

Krekt as de sneinen hjirfoar, wurdt stil stean by
de liturgyske blomskikking. Fansels giet dat oer
it Ljocht fan de oerwinning op 'e dea. In wite


doek wurdt yn de
poarte lein. Oan
wjerskanten fan de
poarte komt mos te
lizzjen. It wyt byldet
de komst fan it
Ljocht út, it grien



stiet foar Gods trou.

De ferhalen

Leden fan it Praethuys lêze in tal
teksten út de Bibel. It binne
ferhalen út Genesis 1, Exodus,
Ezechiël en Mattéus oer de
skepping fan himel, ierde en it
ljocht, de úttocht út Egypte, oer
Gods belofte dat Hy it folk Israël
wer werom bringe sil nei syn
eigen grûn en it iepen grêf fan
Jezus. De ferhalen wurde
ôfwiksele mei it sjongen fan
lieten, troch de oanwêzigen en
troch it koar.



Meditatie

Het kan ons veel te groot zijn, het verhaal van het
lege graf. Wat wij zien in ons leven is juist die
leegte van het graf, wij kijken erin en komen er
niet aan voorbij, we stuiten steeds weer op het
onverbidde en harde van de dood, van
mensen die ons lief waren en ons eigen leven dat
een einde zal nemen.

Dat mag er allemaal zijn, want wij zijn mensen
die leven in dit stervend bestaan. Tegelijk is er
ons diepe verlangen naar een graf dat leég is,
onze hoop op opstanding, dat het waar mag zijn
dat we niet prijsgegeven zijn aan de dood, aan
de nacht, aan de leegte, aan het kwaad, aan ons
tekort, aan onze pijn en onze angst.

Het is niet vanzelfsprekend dat we bij dat Licht
van de opstanding kunnen, dat het bij ons binnen
kan komen. Maar als het binnen kan komen, kan
het van een ongelooflijke schoonheid en troost
zijn, een opstandingservaring die ons weer op
voeten zet. Alsof een engel dan ook de steen die
op ons hart ligt weghaalt en wegneemt wat ons
hart zo zwaar maakte. Alsof we opnieuw geboren
worden. De engel, als beeld van de ervaring van
Gods aanwezigheid, wentelt de steen van het
graf en gaat erop zitten. Zo beeldt de engel
zonder woorden het mysterie van Pasen uit dat
de dood niet het laatste woord zal hebben.
Dat ontzaglijke, onzegbare, ongelooflijke
mysterie van leven door de dood heen, van leven
sterker dan de dood, is het diepste geloof van de
kerk.





Belidenis en doopbetinking

Mei elkoar beliede we ús leauwen, troch it útsprekken fan in belidenistekst. Hjirnei komme we út de banken en sammelje ús om it doopfont hinne. Elk dy't doopt is, kin no syn of har eigen doop op 'e nij betinke troch de hân troch it wetter te heljen. Wilens sjonge we Liet 686, de ferzen 2 en 3: *"Wij zijn in Hem gedoopt. Hij zalft ons met zijn vuur."*



Slotliet en seine

Wy sjonge mei elkoar: *"Oerei n, in nije blide moarn is út é kimen brutsen"* (liet 630, 1,3). Dêrnei ûntfange wy de seine fan God.



Meiwurkers:

Foargonger:	ds. Wiebrig de Boer-Romkema
Praethuys:	ferskate leden
Koar û.l.f.:	Klaske Deinum
Alderlingen:	Corry Brouwer, Arie Dol
Diaken:	Tjitske Visser
Koster:	Drees Visser

Peaskemiel

Fleurich meitsje we ús op foar it peaskemiel. Yn de Fikarij steane Peaskebôle, aaien, kofje en tee klear. In prachtige ôfsluting fan de peaskewach.

